

Rijksuniversiteit Groningen
Kolleezje fan Bestjoer
o/f prof. dr. J. de Vries
Oude Boteringestraat 44
9712 GL Groningen

Ljouwert, 1 novimber 2022

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Oangeande: takomst universitêre frisistyk en ûntjouwings learstoel Frysk yn Grins

Achte hear De Vries, achte frou Visser,

Mei dit brief freget it bestjoer fan DINGtiid jo omtinken foar de soarch en de ûnrêst dy't yn de Fryske mienskip libbet oangeande de takomst fan de universitêre frisistyk en yn it bysûnder oangeande de ûntjouwings oangeande de learstoel Frysk yn Grins.

DINGtiid, by de Wet Gebrûk Frysk taal (2014) ynsteld as mienskiplik advysorgaan fan ryk en provinsje, is al sûnt 2019 tiid dwaande mei it ferbetterjen fan de strukturele ynbêding en de feitlike posysje fan de frisistyk. Fanút de posysje en ferantwurdlikheid as wetlik advysorgaan foar it Frysk hat DINGtiid faker as ien kear syn soargen oan de RUG kenber makke en besocht om de dialoach oan te gear. It muoit ús tige, dat de Fakulteit fan de Letteren en it CvB fan de RUG oant no ta de dialoach út 'e wei gongen binne.

Dat is namste mear spitich, om't de learstoel Frysk oan de universiteit in wichtige ynput en kwaliteitsgarânsje betsjut foar it Fryske taal- en kultuerbelied, sawol provinsjaal as nasjonaal en Europeesk. Wa't it Fryske fjild kent, wit dat alumni Frysk al desennia wurksum binne yn alle domeinen fan de Fryske taal- en kultuersektor, en dat it fjild net sûnder dy spesifike ekspertize kin. Ek de oerheden hawwe it grutte belang fan de universitêre frisistyk hieltiten wer befêstige, troch it tekenjen fan it betreffende kêst yn it Europeesk Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen, en troch de oanbelangjende maatregels yn de BFTK. DINGtiid sjocht it dan ek as syn taak om derta by te dragen dat it bestean fan in folweardige universitêre stúdzje Frysk yn it Nederlânske bestel boarge wurdt.

Dr. Anne Merkuur, sa hawwe RUG en Fryske Akademy oankundige, sil de kommende jierren op basis fan in ynset fan 0,4 fte as UD oan de gong by de Fryske track. Fansels fine wy it o sa moai foar Merkuur dat sy dizze kâns krijt: sy hat oant koartby diel fan it bestjoer fan DINGtiid útmakke, dêryn tige goed wurk levere en har as in noflike kollega bewiisd. Boppedat sjocht DINGtiid yn dat gearwurking tusken de Fryske track fan de RUG en de Fryske Akademy winsklik is. Mar der ûntstiet no in sitewaasje, dat de universitêre frisistyk maklik noch fierder ôfbroazelje kin. Ommers, de RUG sprek wol it foarnimmen út om de beneamde UD safier te begelieden en te stypjen dat dy mei de tiid professorabel wêze sil, mar biedt net de garânsje dat op koarte termyn wer in heechlearaar Frysk beneamd wurde sil; krekt oarsom, der wurdt in "haalbaarheidsonderzoek" oankundige. De beneaming fan in UD yn dieltiid en ynearsten foar in pear jier betsjut yn feite in fikse tebeksetter foar de posysje fan de

universitêre frisistyk, sawol binnen de universiteit sels as dêrbûten. It is dêrmei, no fuortdaalk al, skansearjend foar de status fan it Frysk as twadde rykstaal.

Ferskate maatskiplike organisaasjes hawwe dan ek har soargen oer de ûntjouwings oangeande de learstoel oan DINGtiid kenber makke. Harren noed oer de takomst fan de frisistyk wurdt fersterke troch it sterke idee fan in ûnsuvere gong fan saken oangeande dizze beneaming; de observaasjes en kwalifikaasjes dy't wy fan de maatskiplike organisaasjes tastjoerd krije, gean yn de rjochting fan in ynformeel "onderonsje" tusken de Fakulteit fan de Letteren en de Fryske Akademy. Dat de proseduer neffens dy sinjalen net foldocht oan de regels fan de universiteit sels, foar belanghawwenden net transparant wie en net troch de mesken kin fan wat "good governance" ynhâldt, is tige soarchlik en, ek wer, skealik foar it Frysk. Yn it kommende bestjoerlike oerlis fan DINGtiid mei it provinsjaal bestjoer en de ryksoerheid sille dy sinjalen en observaasjes dan ek dield wurde.

Lykwols, wy moatte meielkoar foarút sjen. De earste formele en feitlike stap sil wêze moatte, dat it earmerke budzjet foar de stúdzje Frysk yn Grins yn de kommende jierren yn syn gehiel ta de streekrochte baat komt fan de stúdzje Frysk sels (en bgl. net foar in helberensûndersyk). Ommers, allinnich mei foldwaande ynvestearing en kontinuïteit fan de stúdzje kin de earstfolgjende kear de evaluaasje en akkreditaasje fan de kant fan de NVAO ta syn doel komme.

In twadde stap is it ûntwikkeljen fan mienskiplike útgongspunten en swiertepunten foar de ûndersyksaginda. Yn it GFTK-netwurk is dêr wol al tariedend wurk foar dien, mar de konkretisearring derfan lit noch altyd op him wachtsje. DINGtiid hat aktyf meiwurke oan de earste faze fan de GFTK – guon analyzes en oanrikkemandaasjes fan ús advys oer de kennisynfratraktuer fan it Frysk "*Op 'e syk nei nije dynamyk*" (2020) binne werom te sjen yn de opset fan dat oerlis – en is út soarte graach ree om fierder mei te wurkjen oan dy konkretisearring.

In tredde stap sil wêze moatte: de boarging fan de universitêre frisistyk yn Nederlân. De Committee of Experts fan de Ried fan Europa hat yn 2022 fan meardere partijen nodlike sinjalen krigen. It giet dan om harren soarch dat Nederlân op termyn net mear foldwaan sil oan de ûndertekene Europeeske ferdrachsferplichtings as in folweardige, folsleine universitêre oplieding – mei in reguliere heechlearaar – net garandearre wurdt troch de ryksoerheid. Yn ús oerlis mei de ryksoerheid en it provinsjaal bestjoer sille wy oanstean op it bieden fan dy garânsje.

De observaasjes en oerwagings yn dit brief hienen wy graach earder en leafst mûnling mei jo oan de oarder steld. Spitigernôch is dat oant no ta net slagge. Mar fansels: de útnûging om it petear oer ús fragen en beswieren oan te gean, bliuwt út soarte stean. Dêr soenen we nei útsjen.

Mei freonlike groetnisse,



Alex Riemersma
bestjoerslid DINGtiid